



Christen  
Unie  
Noardeast-Fryslân



Eerste  
Lokale  
Partij  
Noardeast-Fryslân



2021 /Z307172-2021

## MOASJE

Art. 49 RfO

Moasje oer in net op de agenda opnaam ûnderwerp

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 4 maart 2021

Underwerp: **Dielname protest “Raden in Verzet”**

De ried,

heard it beried,

fan miening dat:

- wy riedslid wurden binne om't wy it allerbêste wolle foar ús gemeente, net om dyselde gemeente kapot te besunigjen!;
- de ried alle middels benutte moat om koartingen en tekoarten op ús jildmiddels foar te kommen;
- fanút de ried fan Zoetermeer de aksje 'Raden in Verzet' opstart is om mear budzjet te krijen fan it regear, der dogge no al sa'n 40 rieden oan mei;\*
- de ried fan Noardeast-Fryslân him hjir by oanslute moat om mei-inoar in fûst te meitsjen;

oerwaagjend dat:

- gemeenten te krijen hawwe mei slimme finansjele tekoarten omdat it Ryk net foldwaande finansjele middels ferstrekt foar jeugdsoarch en gemeenten te min mooglikheden ha om te stjoeren op de omfang fan taken;
- gemeenten ek grutte finansjele tekoarten hawwe omdat it Ryk de eigen bydrage foar de WMO oanpast hat en te min finansjele middels oerhevele hat nei de gemeenten om de oansûgjende wurking dêrfan op te fangen;
- wy allinnich mei-inoar kâns ha om mear struktureel jild foar ús gemeenten te krijen;
- wy allinnich mei-inoar de urginsje ferheegje kinne by it ryksregear;
- ús kolleezje yn 'e mande mei de gemeenten fan de trije noardlike provinsjes alles yn it wurk stelt om de finansjele tekoarten oangeande WMO en jeugdsoarch te kompensearjen en dat wy as ried dus ek alle middels ynsette moatte om de finansjele tekoarten op te lossen;
- der troch de VNG meardere kearen by it kabinet en de politike partijen op oandrongen wurden is, dizze problemen op te lossen mar dit noch gjin resultaat hân hat;

- yn de Twadde Keamer by de begruttingsbehandeling fan BZK troch guon partijen oanjûn is dat de finansjele posysje fan de gemeenten better moat, mar de minister allinnich mar prate woe oer wat der al wol oan stipe jûn is (koroanastipe en twa kear 300 miljoen foar de jeugdsoarch);
- dizze stipe de folle gruttere strukturele problemen net oplost;
- in soad gemeenten ek nochris konfrontearre wurde mei besunigingen troch de ûnearlike werferdieling fan it gemeentefûns;

ropt de ried fan Noardeast-Fryslân op:

- om him oan te sluten by “Raden in Verzet”;
- aktyf diel te nimmen oan de aksjes fan “Raden in Verzet” en/of dizze te stypjen;
- ús stipe fia de griffy bekind te meitsjen oan “Raden in Verzet” en dizze moasje troch te stjoeren nei alle gemeenten yn de noardlike trije provinsjes mei de fraach dizze moasje yn te bringen en har ek oan te sluten,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

\*Foar mear ynfo: [https://www.zoetermeer.nl/gemeenteraad/raden-in-verzet\\_48624?pk\\_campaign=Redirects&pk\\_kwd=radeninverzet](https://www.zoetermeer.nl/gemeenteraad/raden-in-verzet_48624?pk_campaign=Redirects&pk_kwd=radeninverzet)

Yntsjinne troch: F. Breeuwsma (FNP), CU, GROEN nof, PvdA, ELP-NEF, VVD, ALL, GBNF, S!N en CDA

<b>Stimming</b>	Foar: FNP, CU, GROEN nof, PvdA, ELP-NEF, VVD, ALL, GBNF, S!N en CDA (28)	Tsjin: -
Moasje oannaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 4 maart 2021.

De ried niisneamd,  
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

mr. J.G. Kramer